

It wie in moaie hjerstdei yn 1955 doe't de fryske skriuwer en folksdichter Py t Idzinga (1911 – 1979) in kuier makke oer de Skroksterreed – dy't der doe oars út seach as hjoed de dei - , oer mear as 10 hikken klautere om fierder troch it lân by de Sinterklazepleats lâns syn wenplak lens te berikken.

In wike letter waard oan syn wurktafel – mei in kopke kofje der by – it skrokster folksliet berne oer in prachtich stikje Fryslân op it grûngebiet fan Easterein en wy nimme dit oer út de bundel "In string fan koweblommen"

SKROKSTER FOLKSLIET

Fier besiden de rykswei,
spraat oer it flakke lân,
stean, fan 't tichte beamte omklaaid,
in hússtee as sân.
't Libbet dêr sa fredich frij,
Neat slút dêr beheind.
Dat plakje leavje wy:
Skrok by Easterein.

Bochtich rint in hurde reed:
dy wint grif gjin earste priis
Simmers faken rou en wreed,
hjerstmis smoarch en fiis.
Mar hy tsjinnet elke boer
oant Sibada-ein.
Dat plakje is ús djoer:
Skrok by Easterein.

Hikken ha dêr hege ear,
sierje it gehiel:
dimje 't deistuch „snelferkear”.
grinzje elk syn diel.
Waard der tol fan auto's nomd,
elkien stie ferslein.
Dat plakje tsjúget rom:
Skrok by Easterein.

Moat it op 'e lánkaart socht,
't wurdt in hiele toer.
Mar 't jout stille libbensnocht.
De boarger en de boer,
sy fiele har dêr tige thús,
ropp' 't elkoar optein:
„'t Moaiste plakje is foar ús:
Skrok by Easterein”.

